

Untwerp en bou

De boeier is boud troch de ferneamde werf Eeltje Holtrop van der Zee op De Jouwer. It skip hat in elegante romp, is ryklik fersierd mei houtsnijwurk en glimmend koperbeslach. Let ek op de brede swurden en it smelle roer dat as troan tsjinnet foar de grutske gouden liuw.

It skip is sa'n 17 meter lang, de mêst sawat 21 meter heech. Skaaimerke foar it skipsûntwerp is it floeiende lijnespul. Rjochte stikken binne net te finen. It túch bestiet út in grutseil, fok en klúver.

Steatejacht Friso hâldt Fryske skipfeartskiednis libjend foar takomstige generaasjes.



Steatejacht Friso

Ontwerp en bouw

De boeier is door de befaamde werf Eeltje Holtrop van der Zee in Joure gebouwd. Het schip heeft een elegante romp en is rijkelijk versierd met houtsnijwerk en glanzend koperbeslag. Let ook op de brede zwaarden en het smalle roer, dat als troon dient voor de trotse gouden leeuw.

Het schip is zo'n 17 meter lang, de mast is circa 21 meter hoog. Kenmerkend voor het scheepsontwerp is het vloeiende lijnenspel. Rechte stukken zijn niet te vinden. De tuigage bestaat uit een grootzeil, fok en kluiver.

Statenjacht Friso houdt Friese scheepvaartgeschiedenis levend voor toekomstige generaties.

Provincie Fryslân

Tweebaksmarkt 52
8900 HM Leeuwarden,

provincie@fryslan.frl
058 - 292 59 25



Steatejacht Friso

It Steatejacht Friso is it farrende fisitekaartsje fan de provinsje Fryslân. It skip is neamd nei de stamheit fan de Friezen, de mytyske kening Friso. It is ien fan de meast ferneamde platboaiemjachten yn Nederlân. It jacht is in eksakte replika fan it 18e-iuwske Steatejacht fan Fryslân fan de Fryske stedhâlders en bestjoerders.

Friso is yn 1894 boud en hat hiel wat omswalke. Yn 1954 skonken de Koninklijke Zeilvereniging Oostergoo yn Grou en it Fryske bedriuwslibben it skip oan it provinsjebestjoer om Fryslân mei te promoatsjen.



Gebrûk en funksje

De provinsje Fryslân set it skip yn by seremoanjes, offisjele ûntfangsten en maritime eveneminten. Tal fan promininten út binnen- en bûtenlân, sa as leden fan it Keninklik Hûs, ministers, politisy, ambassadeurs en relaasjes binne yn'e rin fan'e jierren oan board ûntfongen.

It sprekt foar himsels dat yn ynformele sfear saken besprutsen wurde en minsken en partijen neier ta elkoar brocht wurde. It Steatejacht soarget foar ferbining.

Statenjacht Friso

Het Statenjacht Friso is het varende visitekaartje van de provincie Fryslân. Het schip is genoemd naar de stamvader van de Friezen, de mythische koning Friso. Het is een van de bekendste platbodemjachten in Nederland en een exacte replica van het 18e-eeuwse Statenjacht van de Friese stadhouders en bestuurders.

Friso is in 1894 gebouwd en heeft vele omzwervingen gemaakt. In 1954 schonken de Koninklijke Zeilvereniging Oostergoo in Grou en het Friese bedrijfsleven het schip aan het provinciebestuur om Fryslân mee te promoten.



Gebruik en functie

De provincie Fryslân zet het schip in bij ceremoniën, officiële ontvangsten, maritieme evenementen en vaartochten. Talrijke prominenten uit binnen- en buitenland zoals leden van het Koninklijk Huis, ministers, politici, ambassadeurs en relaties zijn in de loop der jaren aan boord geweest.

Het spreekt voor zich dat in informele sfeer zaken besproken worden en mensen en partijen nader tot elkaar gebracht. Het Statenjacht zorgt voor verbinding.